


Teatergroep Fjoer wit mei yntins stik publyk te reitsjen

Resinsje

 Jelle Terwal

Poppenwier, samar earne yn it Fryske lânskip. Passanten ride der trochhinne of by del. Hja hawwe net altiten yn de rekken wat der yn dizze mienskip samar ynienen barre kin. Wat ôfrûne wykein it gefal wie. Fjoer, in groep entûsjaste toanielleafhawwers, hie der foar keazen om yn it pleatslike kafee De Trilker syn produksje del te setten. In treflike kar yn in smûke setting.

Doe't de reade floerske gerdinen iepenskoden gie der in wrâld iepen, dy't de oanwêzige leafhawwers somtiden raar troch de bealichskodde. In kninehol hie der foar soarge dat der yn in famylje neat mear itselde wie. De hûn Tas hie de reuk, woe derhinne en dat wie de oanlieding foar Sammy, bern, neefke en beppesizzer, dat er de dea yn sûge waard. In pynlike gearrin fan omstannichheden, dy't ferheftige emoasjes by de akteurs losmakket.


Janetta Zijlstra seit it yn har rol fan mem Betty moai: „Sammy is oeral”. Oan har mimyk, it rinnen, de ynteraksje is ôf te lêzen wat hja fielt en tinkt. Hja kin ek net mear leauwe dat der in god is. Yn hurde bewurdigen lit hja dat de omjouwing witte: „Oanbid my en ik sil dy behannelje as in hûn!” Wurden fan immen dy't it paad bjuster is en wer sykje moat. Tige

oannimlik set hja dizze rolfiguer del. Mar ek Baukje Stavinga as beppe en Elja van der Meer as suske Susan litte sjen dat hja akteartalinten hawwe. It giet jin somtiden behoarlik oer it moed. Dat de tiidwurden dan wolris omdraaid wurde kin barre. De grize giet jin oer de grouwe as ek heit Hugo (Sjoerd Stenekes) brekt. Femke Wielinga, dy't as Hannah Sammy dearden hat, lit foar it earst sjen dat hja op de planken op har plak is.

Regisseur Afke Toren hat der foar keazen om yn dit ferhaal it tiidferrin mei bylden te toanen. In tapaslike kar. De taskôger fernimt dat de rollen útdjippe binne. Yn sfeargefoelige sênes wurdt in byld jûn, wat minsken meimeitsje. Oeral komt de lytse jonge foar it ljocht: yn it hûs, de supermerk, bûten, by de therapy. Eltse kear is wer dúdlik dat de gedachten allinnich werom geane nei immen dy't der noch wêze moatten hie.

De oanklaaiing is funksjoneel yn in neutraal swart dekor. It jout in byld fan in sitewaasje dy't oeral plakfine kin. It publyk wie merkber oandien. Gjin applaus nei de earste helte. Neat mis mei.

It fertriet feroaret wol, seit Betty oan de ein fan it stik, mar dêr moat noch in soad tiid oerhinne. „God hie noch ferlet fan in ingeltsje.”

 De tiid foarby fan teatergroep Fjoer yn de Trilker yn Poppenwier. 90 besikers. www.afketoren.nl